

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



44e jiergong – nûmer 1, febrewaris 2021



Durk Breeuwsma

loonbedrijf & kraanverhuur




Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4 • Oudega (SWF)



**balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten
kraanverhuur • grondverzet**

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644

www.gietemafourage.nl

Er is niets leuker dan een speelse, alerte en actieve hond. Een hond die er bovendien gezond uitziet en een glanzende vacht heeft. Dit soort zaken laat zien dat uw hond in allerlei opzichten goed gezond is. De juiste voeding maakt het gemakkelijker om dit te bereiken.

Daarom adviseren wij DOGGAR HONDENVOER van GARVO



DOGGAR KROKANT 10 kg € 18,35,-

PUPPYBROK 10 kg € 23,50,-

DOGGAR VLEESBROK MET RIJST 10 kg € 23,25,-



Redaksje 't Skieppesturtsje

Skriuwadres: Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338
e-mail : itskieppesturtsje@gmail.com

Gerben D. Wijnja	Riemkje Swart	Fokko Rollema	Jan Witteveen
Sylroede 6	Sylroede 5	Singel 8a	Waltawei 33
0515-579348	0620768218	0515-579051	0616302869

Stinsilwurk : Keetman druk+print, *partner fan Pastiel & Empatec*, Snits

Foto omslach : Jan Witteveen

De folsleine sturt yn kleur lêze? Sjoch op www.tsjerkwert.nl > doarpskrante.



ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tjerkwert

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinanleg.nl

Ynhâldsopjefte

Kolofon	1
Ynhâldsopjefte	2
Fan de redaksje	3
Frijwillige bydragen	5
Nieuws van Eensgezindheid en XL-orkest	6
Van de Reinbôge	7
Michiel de Jong ferstoarn	11
Fyftjin en Fierder	15
Fotoympresje rondrit Sinterklaas	17
Fotoympresje thúswurkje CBS de Reinbôge	18
Sfearfoto's fanút it doarp	20
Oproep project: 'Tsjerkwerkers in Beeld'	21
Kerst 2020	22
Nijs fan 't Waltahûs	23
Oranjevereniging 'Mei inoar ien' Tjerkwerd e.o.	24
Stichting Windkracht 10	27
Even voorstellen Waltaweg 4	28
Even voorstellen Sylroede 8	29
Berne	30
Stoarn	30
Tige tank foar alle omtinken	31
Kollektes	31
Uitslag kleurwedstrijd	31
Koken met Riemkje	32
Schapenpuzzeltocht	33
Corona woordzoeker	34
Snypsnaren	35



Fan de redaksje

Fjouwer jier lyn is it dat ik op 26 jannewaris op myn facebook in stikje skreau oer it winterwaar. *'Het vroor vanavond vijf graden en er lag vijf centimeter ijs op de ijsbaan. Vanmiddag was de baan weer open voor de liefhebbers. Vanavond gingen de lampen aan, klonk er muziek vanaf de koek en zopie en deed het bestuur goede zaken met de verkoop van warme chocolademelk. Want koud dat het was met die gure noordoostenwind. Waterkoud. Gelukkig stond er een kacheltje op het dijkje naast de keet zodat men zich daar af en toe even bij kon warmen. Het zorgde voor een sfeervol aanzien dat wel een beetje recht deed aan het 140-jarige jubileum van de schaatsclub. Gelukkig, er kon deze winter geschaatst worden. De komende dagen lijkt het er niet op, maar wie weet... de schaatsen moeten nog maar niet in het vet.'*

En no meitsje wy ús drok om in echte sniestoarm dy't ús weromtinken docht oan dy fan 1979. De hurde wyn gûlt om hûs en hear, der ferskine lege sniedúntsjes en de iisbaan is der klear foar. It liket derop dat de redens út it fet kinne. Wy sille ús lykwols al hâlde moatte oan it koronaprotokol fan de iisferiening. Op jûn ljochtsje de reklameletters fan HAARSMA syn bedriuw noch op yn de tsjustere nacht mar der is net ien mear op strjitte te sjen, útsein in inkele hûnútlitter. De gefolgen fan de lockdown en de jûnsklok binne merkber, ek yn Tsjerkwert. Mar it bliuwt hjir by in freedsum akseptearjen fan maatregels dy't ús út in net earder meimakke krisis helpe moatte. It is in meiinoar dielen fan maatregels dy't der ynhakke, dy't net leuk binne. En besykje dan mar ris posityf te bliuwen. Dochs is dat ek de opjefte om mei ferstân, meilibjen en maksimale ynset te berikken dat wy aanst alles wer kinne en meie.

De redaksje fan 't Skieppesturtsje moat de ynhâld fan in nij nûmer mei digitaal wrakseljen op inoar ôfstimme en ynfolje. Gjin gearsit, mar alles op ôfstân. Mar ek dat giet goed en hearst ús net kleien hear. Spitich wie it fansels dat it nije jier ynsetten net de glâns krige sa't wy dat wend wiene. Gjin Skieppesturt foar in ynwenner, gjin feest yn it doarpshûs, mar wy ha ús grutskens blike litten mei in lytse sturt foar alle húshâldings,

foar de ynset om der ek yn drege
tiden wat fan te meitsjen.

De reaksjes wiene hertferwaarmjend.

Tige tank dêrfoar.

Yn dit nûmer is wer in ryk ferskaat oan ynformaasje sammele. Reade trie yn mannich bydrage is de covid-driging dy't al ús doarpsorganisaasjes yn 'e besnijing hat. Sa is der nijs fan it doarpshûs, fan de muzykferiening Eensgezindheid, de Oranjeferiening en Windkracht 10. Ek de basisskoalle De Reinbôge hat wer in bydrage. Bysûnder is de middenside fol foto's fan Sinteklaas syn rûnrit troch de buorren, it thúsunderwiis fan de basisskoalle, en sfearfoto's fanút it doarp. Ek ha wy berjochten fan berte en ferstjerren. Ek binne der nije ynweners dy't harren foarstelle en dy't wy fan dit plak ôf in noflik ferbliuw yn Tsjerkwert tawinskje. Wy ha fansels ek de Snypsnaren, Riemkje hat wer in tip foar in smaaklik resept, der is in 'schapenpuzzeltocht' foar de bern en foar de fûleindich puzzelder in wurdseker yn coronasfear. Om fierder koart te kriemen, folle lêswille mei dit nijste nûmer.

Kultuer as humuslaach fan de maatskippij

Us Kommissaris fan de Kening, Arno Brok, sei it sa moai yn syn nijjiersboadskip. Yn de rige fan koronamaatregels bleau de kultuersektor net beneamd en dat fernuvere him bot. Hy bruts dan ek in lâns foar de posysje fan kultuer yn ús mienskip. Keunst en kultuer hâlde de mienskip fitaal, sa sei er. Hy neamde keunst en kultuer it sosjale kapitaal fan in mienskip. Kultuer kin ferlichtsje, fleur jaan, fermeits. It is de humuslaach fan de maatskippij. Wat sjogge wy dêr yn ús doarp fan werom? Is de regio in oplossing foar in tekoart oan romte yn de Rânestêd? Is it hjir noflikker wenjen, is de lucht skinner, is der mear rêst? Is der omtinken foar inoar? Romte foar bern om bûten te boartsjen? Hieltyd mear minsken komme ta de konklúzje dat op dy fragen in krêftich JA klinke kin. Yn dy sin meie wy ús ryk rekkenje. En ja, der is gjin winkel, gjin teater of filmseal, gjin fuortset ûnderwiis, mar dy binne der wol op koarte ôfstân, op de fyts of mei de auto te berikken. Troch de koronamaatregels hast dêr no ek net safolle oan, mar as alles wer frijlitten wurdt, sille dy foarsjennings wer in weardefol moetingplak wurde. It soe eins wer winter wurde moatte. Dan kinne de redens út it fet en dan leit de wide wrâld wer foar ús iepen. Dat is goed foar de sport, foar it lichem en foar in goed gefoel. Dat goede gefoel kinst ek krije ast by it doarpshûs lâns komst. Der wurdt no wurke oan in nij ynterieur. Dat kin no prachtich en der is gjinien dy't dat wurk no as in beheining fielt. Wat dat oanbelanget komt it no goed út en meidetiid kin dêrfan profiteard wurde.



Wy moatte ús salang noch mar wat fermeitsje mei in kuier troch de natoer of in fytstocht troch ús moaie Fryske lânskip, mei fotograferjen of skilderjen, mei skriuwen of lêzen. De lytse byb njonken it Waltahûs is in ryk kabinet fan moaie boeken dêr't foar elk wat moais tusken sit. Wy moatte it noch in skoft

folhâlde, thúswurkje en les jaan oan de bern, geduldich wachtsje op it faksin, de maatregels yn acht nimme en wat op inoar passe. Dan komt it goed.

Gerben

Frijwillige bydragen

*'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan Tsjerkwert en omkriten.
Dizze krante wurdt hûs oan hûs besoarge troch de redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige bijdragen fan de lêzers.
Jo bydrage is fan herte wolkom!*

VRIJWILLIGE BIJDRAGEN ZIJN ONTVANGEN VAN;

Mw E.G. Jellema; Fam J. Kroontje eo; Mw Verzijlberg en dhr A. de Vries; Fam. G. Dijkstra eo; Fam P.J. Zijssling eo; Fam. A.J. Smid eo; Mts Galama-vd Meer; Fam. J Speerstra eo; Fam Y.P Witteveen eo; Mw A. de Haan; Fam. B.R. Bakker; Dhr O.J. Postma CJ; Fam. J.S. Reitsma eo; Mw T.R. Speerstra; Fam. S. Bakker eo; T.P.J. Galama; Fam. J. Falkena eo; Fam. E. Huisman-Stellingwerf eo; Fam. R. Steur eo Mw G. Postma; Mw. M. Brandsma CJ; Fam. W.A. Kramer-McHugh eo; Fam. S. Breeuwsma eo. W. Poelstra cj; Y. Twijnstra-Burghgraef; Mej. G. Heeres; S. Gietema; Mw. A. de Jong; Mw. K. Talsma-Abma; Fam. W. Poelstra

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding "Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft. Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward. Rekening; **NL34 ABNA 084 7668 398** tnv R. Swart.



KlusService GEMINI

Renovatie Verbouw & Onderhoud

vakmanschap en service in uw belang!

Gespecialiseerd in natuursteen vloeren en badkamers

Fokke en Wijtze Kootstra

Kerkstraat 9

8765 LK Tjerkwerd

Tel: 06-55795591 of 06-13283975

email: gemini-bouw@outlook.com



Lid van de

VLOK

Vereniging van Klussenbedrijven
Aangesloten bij: Gesloten/Lidmaatschap Klussenbedrijven

Voor Eensgezindheid was 2020, net als voor de meeste verenigingen in Tjerkwerd, een vreemd en 'leeg' jaar. Het jaar begon met veel enthousiasme en een volle agenda. Half maart werd alles stilgelegd. Het bevrijdingsfestival werd geschrapt en ook de repetities kwamen te vervallen.

Pas na de zomervakantie in augustus zijn de repetities weer opgestart. In de tussentijd heeft de activiteitencommissie nog wel een leuke online pubquiz georganiseerd. Ook heeft Jan Witteveen een knappe online opname gemaakt van het stuk 'These Boots Are Made for Walking'.

Begin oktober kwam de tweede golf. Een klein groepje van het korps onder leiding van Jeanette wilde door en dat kon met voldoende afstand houden in school, maar werd bij de 2e lockdown ook onmogelijk. Nu zitten we al weer een aantal maanden thuis zonder het samen musiceren en dat is een gemis.

We hopen dat 2021 ons een kans geeft om weer op te starten. Waarschijnlijk gaat dit lukken na het vaccineren. Wanneer precies weten we nog niet. Het Waltahuis is voorlopig niet beschikbaar, dus we moeten uitwijken naar een alternatieve locatie. We wachten af wat 2021 ons gaat brengen.

Gelukkig zijn we nog steeds gemotiveerd en hebben we een aantal geweldige activiteiten in het verschiet zoals ons honderd jarig bestaan in 2022.

De voorbereiding hiervoor zijn al gestart. We hopen bij dit jubileum weer iets geweldigs neer te kunnen zetten. In de volgende sturt hoort u hier natuurlijk mee over. Bijgevoegd afbeeldingen van de open repetitie op het sportveld.



Deze keer is groep 3, 4, 5 aan de beurt om een stukje te schrijven voor de Skieppesturt. Juist in deze vreemde tijd zijn er zoveel leuke feesten te vieren geweest.

Sint Maarten

De kinderen hebben op school een mooie lampion gemaakt, altijd weer een leuke activiteit, waarbij na flink zingen de eerste snoeperij door de juffen/meesters wordt uitgedeeld. In Tjerkwerd zijn alle kinderen langs de deuren gegaan, dit was op een prachtige manier geregeld en zo kon het feest doorgaan.



Sinterklaas

Vanwege corona kon Sinterklaas niet zelf met zijn Pieten de Reinbôge bezoeken. Dat hij Tjerkwerd niet vergeten was dat wisten de kinderen wel. De kinderen hadden al veel lekkers in de schoen gekregen en Sinterklaas was met zijn Pieten op een kar door het dorp gereden om op afstand cadeautjes uit te delen. Over pakjesavond hoefden de kinderen dus niet ongerust te zijn.

Sinterklaas had een brief gestuurd aan de Reinbôge. Hij schreef dat de kinderen meester Bernd mochten vragen om voor deze ene keer de rol van Sinterklaas over te nemen. Daarbij schreef hij dat meester Jesper en juf Melanie Pieten mochten zijn. Zo kon voor de kinderen het feest gevierd worden.





De kinderen van groep 1 t/m 5 zaten in het kleuterlokaal in een grote kring alwaar de brief door juf Linda werd gebracht en werd voorgelezen door juf Anneke. Meester Bernd werd gezocht, de kleding van Sinterklaas werd gehaald. Meester werd goed geholpen met aankleden, hij werd steeds meer Sint, zelfs zijn stem veranderde. Ondertussen werden ook meester Jesper en juf Melanie gevraagd zich in Pietenkleding te steken en jawel... zij hebben met ere deze belangrijke taak uitgevoerd.

Kerst

Voor het Kerstfeest was er een mooie voorstelling voorbereid. Het was de bedoeling om donderdag 17-12 2020 vanaf 17.00u ons Kerstfeest te vieren. In het donker naar en van school mogen lopen, daarna in de romte de voorstelling en vervolgens gezamenlijk van het lekkers genieten wat er 's middags tijdens de crea gemaakt zou worden. Ja zou, want het liep anders. Woensdag 16-12 moest de laatste schooldag van het jaar zijn, wegens corona alle scholen dicht.



Wij hebben besloten om de voorstelling op dinsdagmiddag door te laten gaan. De kinderen hadden hier naar uitgekeken. De romte was sfeervol ingericht, de voorstelling was prachtig. Op deze manier hebben we het schooljaar samen goed kunnen afsluiten.

Thuiswerken

Tuis werken daniël bergsma

Wat een raar schooljaar is dit. Er zijn veel leuke dingen gebeurt maar ook iritante dingen. Mijn susje plaagt graag Maar we hebben ook al 2 keer hij tie gedaan . We zijn ook naar het bos geweest en dat was ook leuk. Het thuiswerken gaat wel goed ik snap de lessen. Soms heb ik er geen zin in. Maar ik heb wel zin om weer naar school te gaan 😊

Ha goeie,!

Door de corona moeten wij thuis werken en mogen we niet naar school. En dat vind ik niet zo leuk. Ik vind het moeilijk om thuis te werken en dan wil ik liever naar school omdat we dan meer uitleg krijgen van juf of meester. Wat wel leuk is, is dat we de beton auto's mooi konden zien want we zijn aan het verbouwen. We kunnen nu mooi zien hoe de verbouwing gaat. Ook mogen we mijn vader helpen. Maar ik hoop dat we snel weer naar school kunnen.

Groetjes Douwe Bakker

Met de lockdown buiten spelen. Tuis les volgen en maken en taal maken en speling rekenen dat was in maart. Maar in oktober had men corona de rest van het gezin in quarantaine en gelukkig was het vakantie. En toen men geen corona meer had toen was de school weer open en konden we weer naar school op donderdag. En toen was het de trouwdag van heit en men. In november zaten we op landalpark toen waren we een weekend weg en we waren er met de intocht van de sint en piet. De volgende middag moesten we weg 1,5 uur rijden. De premier in december gezegd dat we weer in lockdown moesten en toen was het bijna kerst vakantie dus alleen thuis met je gesin met kerst toen wat later was het 2021! En zaterdag 16 januari valde er sneeuw in tjerkwert. Op 30 januari ben ik diederik jarig. Dan gaan we naar de familie om een cupcake brengen. Omdat we geen bezoek mogen ontvangen.

Groetjes Diederik

Elsa thuis werken in Lockdown!

Ik vind de lockdown niet zo leuk maar we hoeven niet zo veel te doen. Ik kan nu met Jorrit spellen maar op school zie ik ook mijn vrienden maar hier ben ik met Tys en nu kan ik ook met flamie spellen, dat is mijn knuffel. We hebben ook een knuffel familie. Skip en Lawaai koe waren jarig. We hebben hen zijn verjaardag gefierd. Het was heel leuk. We hebben plezier gehad thuis, soms had ik niks te doe. De lockdown duurt heel lang nog 3 weken en hopelijk dan weer echt naar school. Dan kan er hopelijk niks meer mis gaan. Er viel ook sneeuw, dus ik en tys gingen een sneeuw man maken. Hij werd maar groter en groter. We gingen ook een sneeuw gevecht houden. Het was heel leuk

Thuiswerken

Het is thuis moeilijker dan op school. Ik mis de uitleg van juf. Gelukkig zien we elkaar via teams. Maar ik mis school toch nog.

Lotte

Interview over thuiswerken:(Jelger)

Hoe heet je? - Jelger

In welke groep zit je? - Groep 5

Van wie krijg je les als je niet naar school kunt? -Mijn familie en juf of meester

Wat vond je van TEAMS? -Iritant en leuk. Iritant omdat je elkaar niet altijd goed kunt horen. Leuk omdat je andere achtergronden kunt doen. En dat ik Lotte en Douwe kan zien. Na de instructie gaan we altijd nog even gek doen.

Lukte het je om je schoolwerk thuis te doen? - Hangt er vanaf wat het is. Soms lukt het en soms niet.

Heb je ook nog andere dingen gedaan dan de normale schoolvakken?

We doen veel creatieve middagen en zo. Dan doen we dingen met Roan Detmer ik en ons ouders. Of met Beppe of Yteke. We hebben dit gedaan: timmeren dieren voeren papier masjee proefjes taart bakken.

Ben je liever op school of liever thuis?

Soms ben ik liever op school en soms ben ik liever thuis.

Het thuis werken gaat best wel goed alleen loop ik soms achter dan is mijn moeder wel een beetje boos voor de rest gaat het super goed. Ik heb in de tijd dat ik thuis werkte allemaal heele leuke dingen gedaan zoals. Naar de boerderij geweest een vogel huisje gemaakt en taart gebakken en geknutselt.roan is er ook heel vaak en nog veel meer dingen gedaan.

Groetjes detmer

Thuis werken

Ik reken vaak op snappet. En ik doe taal. Elk dag op team, En ik ben soms op school want mama werkt . Buiten spelen . In de avond sneeuwballen op het raam gooien.


Riemer

Thuis werken

ik ben aan het thuiswerken via teams legt juf instreksi uit want het is corona dus daarom kunnen we niet op school zitten aan de instreksitavel en ik doe thuis taal dan moet ik in het werkboek werken en we doen speling dat doen we in het werkboek daar moet we in werken en ik ben aan het buitenspelen.

Hidde

Juf Titia, juf Elske & juf Melanie



Michiel de Jong ferstoarn

Op 24 desimber 2020 ferstoar Michiel de Jong. Hy hie sa graach noch wat fierder wollen, hie dêroer noch plannen by de rûs, mar hy moast it libben loslitte. Anne de Vries en Gerben Wijnja sjogge werom op it libben fan in markante Tsjerkwerter.

In weromsjoch troch Anne de Vries

Wannear kaam ik foar it earst yn kontakt mei Michiel de Jong? Wie it by ien fan syn rûnliedingen yn 'e tsjerke? By in ferhaal oer de flearmûzen? Of gong it oer de oarloch? Miskien hat hy my gewoan oansprutsen op ús hiem? Ik wit it net mear.

Hy joech maklik kompliminten. Bygelyks dy earste kear oer ús tún. Ik antwurde him: “Wy ha yndie it moaiste plakje fan Tsjerkwert”. Dêr wie hy it no krekt nêt mei my oer iens. Dat makke hy hiel dúdlik. Hy wie grutsk op syn plakje oan 'e Bolswarderweg. Kompliminten ha ik fierders noch in soad fan him hân, mar ek krytk.

Lang ha wy elkoar mei jo oansprutsen. Stadichoan feroare dat. De lêste tiid seach ik him hieltyd mear as in maat. Wy kamen by elkoar op jierdeis. Regelmjittich kaam er del foar in praatsje. Seker as hy my bûten seach. “Hoe giet it mei de hovenier?”, rôp er dan. “Ik wol eefkes sjen litte dat ik der noch bin”. En nei in pear bakjes kofje: “No hâld ik op mei preekjen, wy ha wer in soad by de kop hân”.

Hast dageliks ried hy troch it doarp. Ek by oaren kaam hy geregeld oan 'e doar. Gauris skille hy my noch let op 'e jûn. Hy wist dat dat koe. “Der brânt noch ljocht by jimme”. Oan 'e ein fan it petear sei er dan steefêst: “Is der fierders noch nijs?”

Ik koe net alles tsjin him sizze. Hy hie in fêste miening oer in soad dingen. Dy brocht hy dan mei stimferheffing nei foaren. It wie better om der net te folle tsjinynt te gean. Yn bepaalde opsichten wie hy wat âlderwetsk. Wol koe hy tsjin in grap. Seker fan ús frijwilligersploech fan it tsjerkhou. Wy mochten elkoar graach wat pleagje. Michiel hie de ploech byinoar socht. Dat wie in boppeslach, sa die bliken. Yn it wurk is der in noflike gearwurking en by de kofje komme de ferhalen. Somtiden wurde se nei ferrin fan tiid herhelle, mar net ien fynt dat slim. Gerben Wijnja hat der ea in moai stik oer skreaun yn it Skiepepesturtsje.

Michiel mocht graach fertelle oer 'syn' moaie tsjerke. Oer it monumint fan de Van Camminga's, it oargel, de preekstoel, de hearebank, de sarkstiennen en noch folle mear. Foar lytse en grutte groepen, skoalbern, pastoars of keninklike heechheden, it makke him neat út.

Syn hâlding tsjinoer de flearmûzen yn 'e tsjerke wie wikseljend. Oan de iene kant fûn er dat de beestjes stonken mei elk jier wer bergen stront op de souder boppe de tsjerkegongers. Syn heit sei it al. En wa makke dat allegearre skjin? Oan de oare kant bewarre hy âlde kranten en tydskriften mei grutte ferhalen oer de koloanje. Hy wie entûsjast oer de kamerabylden fan de flearmûzen op 'e tsjerkesouder. Aldo Voûte, fan de universiteit fan Utert, kaam yn it ferline mei studinten nei Tsjerkwert foar ûndersyk nei de marflearmûzen. Michiel fûn it prachtich. Voûte telde jierliks mei helpers de beestjes. Noch altiten. Michiel koe goed mei him opsjitte.

Hy hat mei nocht meiwurke oan de realisaasje fan it ynformaasjeboerd oer de marflearmûzen by de yngong fan it tsjerkhôf. Der moast in moai laaien dakje op. Wy fregen subsidzjes oan en Michiel soarge foar donaasjes fan Tsjerkwerters.



Michiel de Jong lokwinket yn 2010 de 1000ste besiker fan de eksposysje dy't de kommisje Kunstrijk Tjerkwerd organisearre yn de tsjerke. Wat wie er grutsk op dat súkses.

Jierrenlang ha wy tegearre mei kryst de tsjerke fersierd. By it oargel, op de lambrisearring en op de hearebank setten wy kryststikken yninoar fan wite en reade kryststjerren mei in soad grien derby. Michiel soarge foar de planten, meastentiids in auto fol. Hy bepaalde foar in grut part de komposysjes. “Dêr noch in reade kryststjer by”, of “yn ‘e hoeke it grien wat mear hingje litte, net?” Hy fûn it prachtich moai om te dwaan. En ik learde dat hy hiel goed wie yn blomstikken.

Letter frege hy my en oaren, sa as Gerben Wijnja, om wat te betinken foar eksposysjes en sa yn 'e tsjerke. Fanôf 2010 ha wy in pear kear 'Kunstrijk Tjerkwerd' organiseard. Syn hiele siel en salichheid lei er dêryn. De tariedingsfergaderingen koenen him net lang genôch duorje. Oars wie hy sa súnich as wat op syn tsjerke, mar no koe alles, sa like it wol. In houten eksposysjeflier mei tsiisdoek oer de banken, of grutte skermen yn it midden,

in tinte by de foardoar, in húske bûten? Gjûn probleem. Mar wol hieltyd: hoe stiet it mei de sinteraasje? Ek woe hy ferfoarst kamerabewaking. Op sawat alle dagen fan 'Kunstrijk Tjerkwerd' wie hy derby. Prate mei besikers, mei sjoernalisten fan kranten en Omrop Fryslân. En alles wat yn 'e gaten hâlde fansels.

Hy seach der letter mei in soad nocht op werom. Ek noch doe't hy al siik wie. Mei folgjende keunstmanifestaasjes, sa as 'Tjerkwerd te kijk' hie hy minder bining. Oare ideeën, oare persoanen, oare lokaasjes. It moast by him passe en oarsom. Foar mannich persoanen wie hy tige attint en behelpsum. In besite, eefkes belje, in blomke. Yn syn lêste jier krige hy in soad werom. Dêr wie hy hiel tankber foar.



Tige wiis wie Michiel mei it modeltsjerkje fan Westhim. Dat hie er sa'n tweintich jier lyn sels makke foar syn soan Wiebren as Sinteklaassurprize. Wiebren wie doe nammentlik by syn wurk yn Westhim fan it tsjerkedak fallen. It tsjerkje hat dêrnei jierren yn it fûgelhok stien en dêr waard it der net better op. Sa'n acht jier lyn hat syn pakesizzer en

namgenoat Michiel Jr. it wer opmakke en doe oan syn pake jûn, opnij as Sinteklaassurprize. Om de krystdagen hinne mocht Michiel der graach mei pronkje. Net minder grutsk wie er op de foto boppe him. Dêr stiet er op mei syn bern en pakesizzers. Dy wiene him alles. It wie in goed ding dat er syn lêste tiid thús trochbringe koe en dat syn bern dêrby de lêste soarch jaan koene. Dêrby mei syn freondinne Annie Nauta net fergetten wurde.

Oantinkens oan in warber Skieppesturt troch Gerben D. Wijnja

Yn it Kerkblad fan 9 jannewaris stie fan de dûmny in In Memoriam dêr't er Michiel yn typearret as in ferhaleman. Jawis, de skiednis fan de tsjerke hie foar him gjin geheimen en hy koe der omraak oer fertelle. Boppedat wie er ek al sa lang de koster fan dyselde tsjerke en fielede er him tige ferantwurdlik foar alles yn en om dat monumintale gebou, dat sa treflik it silhûet fan it doarp bepaalt. Syn ferhalen hiene ek faak in djippere emoasje, at foarfallen út it persoanlike ferline oan bar kamen. De oarloch hie er fan tichtby meimakke, de ellinde sjoen en ûnderfûn. De spanning fan bygelyks ferburgen Joaden, it

barren by smid Klaas Schukken. Guon fan dy ferhalen steane yn “Opdat wij niet vergeten” dêr’t Michiel ek oan meiwurke hat. Mar ien ferhaal stiet der net yn en dat fertelde er flak foar syn dea. Se wennen yn de pastorijs fan de tsjerke; de helte dêrfan wie de wenning fan de kosterfamylje De Jong. At der yn it doarp distribúsjebonnen útjûn waarden, dan barde dat yn de pastorijs. Dan stie der yn it gonkje tusken wenning en pastorijskeamer in Dútsjer op wacht. En dat wylst der yn ‘e hûs in Joadinne ferburgen holden waard! De spanning dy’t dat teweechbrocht, wie ferskriklik. Der wie amper ien dy’t hjirfan wist.



Michiel makke der de lêste jierren ek in gewoante fan in skiednisferhaal oer in bepaald ûnderwerp út te wurkjen. Hy kaam dan by my om dat moai op papier te setten, der foto's by de plakken en it dan as boekje op te meitsjen. Sa ferskynden der ferhalen oer De meidagen van 1940 in Wons, 60 jaar geleden – herinneringen aan de bevrijding van Tjerkwerd, Pake Sjoerd en beppe Ieke, Meinze Poelstra en Dieuwke Gietema, Sjoerd Klaas Bakker 50 jaar, en Kerstviering in de donkere oorlogswinter van 1944.

Foaral dat lêste is in tige oangripend ferhaal. It wurdt sels oan de oare kant fan de oseaan mei de krystdagen ferteld, as in soarte fan oantinken oan dy drege oarlochstiids yn Fryslân, in tsjustere tiid wêryn minsken har dochs wisten oan te passen en nettsjinsteande de ferskriklike beheiningen harren rêden en fan de krysttiid wat moais wisten te meitsjen. Hoe treflik is de ferliking mei de tiid dêr’t wy no yn bedarre binne mei dy koronakrisis, de lockdown en de jûnsklok. Men soe dat ferhaal fan Michiel der ris by pakke moatte. Grif dat guon minsken dêr stipe by fine soenen.

Doe’t ik de lêste kear by Michiel op besite wie, hiene wy it der noch oer om in grut, nij ferhaal út te wurkjen. Dat soe dan nochris ferskine moatte. Mar wannear? It is der net mear fan kommen, spitich. Wat noch wol op priemmen stiet, is in ferhaal oer syn pake dy’t oan de gefolgen fan in molebrân by Tsjerkwert it libben litten hat. Dat ferhaal krijt in tankber plakje yn it Fryske moleboek, dat oan de ein fan dit jier ferskynt as slútstik fan it 50-jierrich jubileum fan stichting De Fryske Mole.

Ik bewarje oan Michiel bysûndere oantinkens. Hy wie altyd warber en entûsjast, mar ek o sa krekt, kritysk ek. It moast sa en net oars. Guon hiene dêr wolris muoite mei en dat is ek wol te begripen. Mar nettsjinsteande dy eigenskip hie er altyd wol it bêste foar mei de gong fan saken en at er him earne foar ynsette, dan die er dat fol fjoer. Anne hat dêr hjirboppe al moaie priuwkes fan beskreaun. Yn dy sin wie Michiel in bysûnder man mei in grut gefoel fan ferantwurdlikheid. Mei dy ynstek hat er in protte betsjutten foar de doarpsmienskip en de tsjerke fan Tsjerkwert.

Fyftjin en Fierder



It ûntbleatsjen fan it crowdfundingdoek troch âlvestêdetochtwinners Henk Angenent en Klasina Seinstra mei rjochts keunstner Pieter Jan Stallen dy't mei goedkarren tasjocht.

Yn Tsjerkwert binne plannen foar in tredde keunstwurk oan de Alvestêderûte. 'Fyftjin en Fierder' bestiet út sechstjin stielen sylhûetten. Om't it plan te min subsydje krige út it Iepen Mienskipsfûns hat de wurkgroep Cultuur Tjerkwerd in crowdfundingaksje opset. Dy kin rekkenje op stipe fan ûnder mear Alvestêdetochtwinners.

It wiene Klasina Seinstra en Henk Angenent dy't op 4 jannewaris 1997 ivige rom tafoelen doe't se de lêste Alvestêdetocht op harren namme skreaunen. Seis oeren en 49 minuten nei de start skode Henk syn reed krekt wat earder as Erik Hulzebosch oer de einstreek op de Bonkefeart. Hy hie der krekt twa minuten langer oer dien as Evert van Benthem yn 1985 doe't dy it rekôr op syn namme sette. Klasina folbrocht de tocht yn minder as acht oeren en wie ek noch swier fan in lytse poppe!

